

NACHTSKRIUWER

Jannie Regnerus

NACHTSKRIUWER

ROMAN

Oerset troch Jetske Bilker



BORNMEER

'In byld fan dy yn 'e golven'
Tsjêbbe Hettinga

‘In byld fan dy yn ’e golven’. Mei dy wurden sinjearret Blynman syn dichtbondel foar my. We ha krekt yn ’e Noardsee swommen en sitte foar de tinte om ús yn ’e sinne drûgje te litten. It kampeartaffeltsje tusken ús yn stiet lang net wetterpas. Syn skriuwen is mear kervjen, hy priemket it puntsje fan ’e balpinne sa stevich yn it papier dat syn opdracht yn djipdruk yn it skutblêd belânet. Drippen seewetter glydzje stadich út syn hier, falle op it papier sadat de boltsjes blauwe inket yn ’e letterslinken streamen. Yn stilte freegje ik my ôf watfoar seemearminachtich wêzen Blynman him achter syn lege eagen fan my foarme hat. ‘In byld fan dy yn ’e golven’. Miskien bin ik in assemblaazje, gearstald fan froulju dy’t er eartiids sjoen hat, yn ’e jierren foar’t er blyn waard. Dichtet er my de slanke skonken fan in suster ta, de ljochte lokken fan syn mem en de skrutene eachopslach fan in kealleleafde? Bestean ik by him yn ’e holle eins wol yn kleur of bin ik foar him in grize figurante, as yn in karteel swart-wytansicht fan in baaiplak?

Yn 'e dagen foar krysttiid docht de nacht gjin muoite mear om oertsjûgjend plak te meitsjen foar it deiljocht. It tsjuster siket foar in pear oeren beskûl ûnder brêgen, hâldt him op yn stegen en yn smelle strjitten, mar easket it leafst it hiele etmiel foar himsels op.

As de wekker giet is it bûten noch roettsjuster. Riboskjend kom ik fan it grutte bêd ôf, de rjochterhelte fan it matras is al skoften net op sliept en wurdt ynnommen troch boeken en wat keunstkatalogy, ûnder oaren in mânsk fotoboek fan Villa Katsura. It besjen fan de reidgriene tatamimatten en papieren skodoarren makket myn holle jûns like leech as de keamers yn it boek.

Froast hat myn rût feroare yn in matglêzen en ûntrochsichtich perk fan iisblommen. Ik skras der mei de neilen oerhinne en besykje de kristallen mei myn azem te ûntteien. It bringt my foar even wer werom yn myn sliepkeamer op 'e pleats. Hokker byld sil der aansten foar it ljocht komme, it lân of dochs de stedske hearehuzen?

It hat snijd wylst ik lei te sliepen. Achter it rût is in wrâld dêr't gjin stap yn set is, alles is bedutsen mei in sljochte laach. Beamtûken en tûnstekken werhelje har yn wite streken, de parkearre auto's slûgje ûnder in dekbêd en alle strjitlampen ha in susterkapke op, mei in toefe slachrjemme binne sels de jiskepûden moai. Al gau wurde de earste spoaren lutsen troch fytzers en fuotgongers, dy't har mei heechoplutsen skouders nei kantoaren bewege. Net folle letter skik ik my yn 'e rige, stjoer myn foarste fytstsjil yn ien fan 'e slinken, dy't troch in fytser foar my makke binne en besykje sa lang as 't kin krekt binnen de streek te bliuwen. Yn 'e wite tekken op 'e stoepe ha skuon en learzens swarte kûltsjes printe. De besnijde motorkappen fan parkearre auto's binne grutte happen út weinommen. Happen yn 'e foarm fan in Japanske waaier. Wa't it spoar fan dy waaierfoarmige leechtes folget, komt út op it skoalplein. De snie dy't mist, is byinoar skood troch bernehannen, dy't der snieballen fan knette ha. Ik soe it leafst, sadree't elk op skoalle en kantoar oankommen is, mei in amer snie de spoaren neigean en ûnderweis alle djipdruk opfolje mei in hânfol farsk wyt. Net ferjitte de kûltsjes achter de eigen rêch ticht te meitsjen.

De snielaach werstelle wolle skeelt net folle fan wat ik as restaurateur yn it Ryksmuseum besykje te dwaan. Ik hielje de hûd fan in skilderij, meitsje de skuorkes en de barsten ticht, dy't yn 'e rin fan hûnderten jierren ûntstien binne, útbiten troch ljocht en focht, de wiettige azem út tûzenen minskemûlen dy't ienris foar it skilderij stienen. Ik ha de taak pas goed ta in ein makke wannear't myn hannelingen ûnsichtber bliuwe en men de yllúzje krijt dat it skilderij as nij is, yn al dy tiid ûnoantaast en ûnberuorre bleaun is.

Net lang nei syn tweintichste jierdei dogge de earste symptomen har foar, de blau en grien spjaltende hoarizon feroaret yn in flodderjend lyntsje. As Blynman oer de dyk rint en nei de messkerpe harmoanikafâlden fan ierappelfuorgen sjocht, begjint it lân te weagjen en wurdt er licht yn 'e holle. Fan memmekant wurdt in eachsykte dêr't je blyn fan wurde willekeurich trochjûn oan it neiteam en Blynman wit no dat er der net oan ûntkomme sil. Fan 'e dei ôf dat it swart him foarsein is, sjocht er de jûnsoere noch reader. Hy tekenet as in razende, leit mei grafyt de gesichten fan syn dierberen fêst en makket sketsen fan it lânskip om de pleats hinne. Wat syn eagen sjogge wurdt troch pols en hân werhelle, sa gravearret er bylden yn syn ûnthâld. Blynman gunt himsels noch mar in bytsje sliep en leit hiele nachten te lêzen. Der is gjin ferwin op, de sykte taast syn sicht hieltyd mear oan. It wurdt mei de dei dreger om de kontoeren fan hynders en kij yn 'e greide faninoar te ûnderskieden, alles wat boppe de kym útstekt hat it stal fan strewelleguod.

Wat de eachsykte nimt, jout er net mear werom. Nei it ferlies fan skerpte en djippe dôvje de pigminten stadichoan út. De wrâld fan Blynman ûntkleuret en wat derfan oerbliuwt is in grisaille, in ûnderskildering yn grautinten. Ek op dagen mei sinneskynwaar hat de himel foar Blynman de kleur fan in stoeptegel. Reade koal en grien ierappellôf ferminge har ta antrasyt sadat der op 'e ekers allinne noch mar griis gewaaks liket te groeien. As it safier is dat it foar altyd swart wurdt is syn ûnthâld fuld mei kleur en ljocht. De holle fol mei bylden, tûzen en ien farianten op it boerelân, allegearre krekt mei in fraksje ferskil yn tint en temperatuer. Feroarlike waarsomstannichheden, seizoenen, en oeren fan in dei lieten al mar oan in oar ljocht oer de lannen skine. Krekt lykas yn 'e searje skilderijen dy't Claude Monet makke hat fan heareaken op in eker. Hy skildere hieltyd itselde motyf, de heareak, mar elk skilderij is oars fan sfear, útienrinnend fan metalen ljochtblau yn 'e iere moarntiid oant in brodzich oranje oan 'e ein fan in simmerdei.

De restauraasje-ateliers lizze achter it Ryksmuseum, alle wurkdagen fyts ik ûnder it museum troch, de passaaazje is foar my it moaiste stikje fan 'e fytstocht. Hjoed sit der in sellist. De man hat de fingerseinen fan 'e wanten knippe moatten om Bach syn Cello Suite nr. 1 spylje te kinnen, de Prelude wjerkeatst tsjin 'e ferwulften. De passaaazje is as it nauwe tuskenstik yn in sânglês, de drokte fan 'e binnenstêd driuwt my der oan 'e iene kant yn wylst der oan 'e oare kant in wrydsk gersfild wachtet. Boppe my is de earegalerij, ik fyts sa ûnder De Nachtwacht troch. Rembrandt syn masterwurk hinget tsjin 'e achterwand. Op 'e hichte fan 'e lêste pilaar is oer de hiele breedte fan it ferwulft in swarte stripe oanbrocht, lang en smel as de skreef yn in sparpotbaarch. As kostberste besit fan it museum hat De Nachtwacht syn eigen needútgong, by brân wurdt dat skilderij as earste fan 'e muorre helle en rjochtstannich fia dy skreef ôffierd.

In ein fierderop set ik de fyts tsjin it stek fan 'e muse-
umtún. Op 'e izeren stuollen ûnder de fleugelnutebeam
lizze kessentsjes fan snie. Alle tûken fan 'e beam, de tinne
likegoed as de koarte, binne wyt bestood en dêrmei is it in
beam wurden sa't Mondriaan dy tekene, yn in stakkato rit-
me fan swarte en wite streken. It is glêd, foarsichtich rin ik
de stiennen treppen op en kom yn it gebou fia in moder-
ne slús wêrfan't earst de iene doar ticht wêze moat foar't
de oare iepengiet. Ik slút mysels de earste oeren op achter
kûgelwarrend glês, skilderijen kinne net goed oer frisse
lucht. Under hearsket de sfear fan in sikehûs, in hospitaal
foar keunstwurken. Sterile gongen mei oan wjerskanten
keamers mei echografyske apparatuer, ferrydbere kast-
kes, rakken mei reagearuizen en personiel yn wite jas-
sen. Keunstwurken dy't yn 'e sikeboech telâne komme lije
oan kwalen mei minsklike eigenskippen. Skilderijen mei
blynslein fernis, craquelé, krokodillehûd of ôflêdzjen-
de opperlagen. Der komme hjir skriemende objekten en
transpirearjende skulptueren binnen. As der focht ûnt-
stiet yn in Mariabyld hyt dat yn keunstjargon triennen
wylst men drippen op in Afrikaansk masker swit neamt.
Faaks is dat omdat Maria assosjearre wurdt mei memme-
fertriet en Afrikanen mei slavernij. In skilderij dat wyt as in
lyk it atelier ynkomt hat nei alle gedachten de ultramaryn-
sykte ûnder de lea. Yn 'e santjinde en achttjinde iuw wie de
priis foar akwamarynpigment heger as dy fan puer goud.
Keunstners wienen der sunich mei en brûkten it 'blauwe
goud' inkeld mar foar de wichtichste parten yn it skilde-
rij, lykas de himel of it kjaad fan Maria. Nimmen koe yn
dy tiid foarsjen dat útrekkene dat pigment yn 'e rin fan 'e

tiid syn krêft ferlieze soe. Hûnderten jierren letter binne in soad himels ferblikke en minstens safolle Maria's knibbelje net langer yn in helderblau klaad foar Jezus del, mar yn in feale moarnsjas.